

Notysje Letterebelied

litera'tuer, s. de [literatûr] 1899 →, Plur. *-en*.
Etym.: Fr.

Literatuur.

1. letterkunde, letteren, het geheel der schriftelijke overlevering van een volk of tijd; in engere zin de schone letteren. || In oaren raspe en skerpe syn brein dei út dei yn ... om de pinne masterstikken fen litteratuer delskriuwe to litten. G. POSTMA, *Fr. Alman.* 21 [1899]. De Fryske literatuer ... bigjint hjar to ûntjaen. E.B. FOLKERTSMA, *skiednis* 3 [1916]. Mar út 'e skiednis fen de literaturen liket wol bliken to dwaen, det dit skeppen, *nl. van wereldliteratuur*, by in folk earst ta ûntjowing komt, as it him oefene hat. *Id.*, *Hold.* 21 [1926]. Dr Botke (forrike) as frucht fen syn stúdzje de fryske literatuer mei syn geakinde oer: De Gritenij Dantumadiel. P. v.d. MARK, *Fr.J.* 110 [1943]. It forfilmjen fan greate litteratuer bliuwt altiten in nuodlik aventûr. I. de JONG, *Tsj.* 326 [1948].

2. al wat over een bepaald vak of onderwerp is geschreven. || De skriuwer (docht) bliken syn stof en de literatuer oer syn stof to bihearskjen. E.B. FOLKERTSMA, *Tsjûg.* 13 [1922]. It (is) net nedich dat dyjinge, dy't oan it ta stân kommen fan in flora meiwurket, expert wêze sil yn al dy wittenskippen, as er de literatueren dêrfan mar brûke en foar syn doel kritysk tapasse kin. S. BLOEMBERGEN, *Beak.* 131 [1947]. De literatuer oer dizze Mar leit net bipaeld foar 't gripen. O. SANTEMA, *Earebondel* 173 [1950].

- **Comp.:** *berne-, fak-, folks-, koar-, muzyk-, oargel-, oarlochs-, sang-, toaniel-, wrâldliteratuer.*

Vergadering van Provinciale Staten op: 11 FEB. 1998

Punt : 13 Utstel ta it fêststellen fan de "notysje Letterebelied".

Beslissing: Nei rieplachtsjen wurdt it útstel sûnder persoanlike stemming oannommen.

notysje LETTEREBELIED

Boekmanstichting · Bibliotheek
Herengracht 415
1017 BP Amsterdam
Tel. **6243733**

Ljouwert, febrewaris 1998

1. YNLIEDING

Yn 1989 hawwe wy it troch ús te fieren letterebelied foar it lêst formulearre. Der stie ús doe in nije struktuer foar eagen:

- a. stipe op it mêd fan it skriuwen (ynklusyf oersetten en it skriuwen en oersetten fan toanielwurk);
- b. stimulearjen fan it merkmeganisme troch útjouwers de leie te jaan by bepaling fan útjeften en stipe foar in profesjonele distribúsje en propaganda;
- c. stipe foar in ynspirearjend literêr - en yn it generaal - kultureel klimaat.

Yn de notysje Letterebelied 1989 stiet: in oansprekkend kultureel en literêr klimaat, dêr't omtinken is foar lêzen en literatuer, dêr't reagearre wurdt op wat der skreaun wurdt en in skriuwer respons krijt op syn wurk, kin in wichtige faktor foarmje foar literêre aktiviteiten yn in breed fermidden. Foar in skriuwer kin dat op syn bar ien fan de faktoaren wêze dy't ynspirearjend wurket. En foar de útjouwer in oantrún - njonken ekonomyske oerwagings - om út te jaan. In goed aanbod dat troch goed organisearre distribúsje en doelrjochte publisiteit ûnder de minsken brocht wurdt, kin wer oansette ta lêzen en reaksje en ta nije ympulsen.

De taak fan de oerheid op it mêd fan de literatuer giet eins net fierder as it skeppen fan rânebetingsten. Troch it beheinde taalgebiet en de posysje dy't it Frysk yn 'e mienskip ynnimt freget de Fryske literatuer spesifyk omtinken fan de oerheid, mar ek fan bygelyks it ûnderwiis.

Yn dizze notysje wurdt net yngien op literatuer yn de streektalen lykas it Bildts of it Stellingwerfs. Datoangeande fiere wy wol belied, mar dat is folgjend. De oanbelangjende gemeenten stelle yn earste ynstânsje it belied fêst. Op ús begrutting stiet in lytse post foar útjeften yn de streektalen (f 7.000). Fierder stypje wy de Stichting Ons Bildt en de Stellingwaarver Skrieversronte. Wy sille ek net yngean op de Nederlânske literatuer. Dat is ûnderdiel fan algemien keunst- en kultuerbelied. Yn de taakferdieling tusken oerheidslagen is it stypjen fan produksje datoangeande in rykstaak. By lêsbefoarding ensfh. wurdt wol wurke mei de beide yn Fryslân brûkte talen. Yn it ramt fan de Noardlike Keunstnota "In breder verband" hawwe de Noardlike oerheden útsprutsen dat se útsykje wolle oft in Noardlike litêre priis de produksje yn it Nederlânsk yn it Noarden stypje kin.

It yn 1989 op gong sette nije belied is yn 1994 hifke (Evaluatie Letterenbeleid Provincie Friesland). De tiid hâldt gjin skoft, mar op grûn fan de gegevens út de evaluaasje en de ûntjouwings fan de lêste jierren, kin konstataarre wurde dat wy yn 1989 de goede wei ynsein binne. Wol liket it ús ta dat wy yn de kommende perioade 1997-2000 ta in tal aksintferskowings/swiertepunten yn ús belied komme moatte.

Yn dizze nije letterenotysje sille wy gjin wiidweidige skôgings oer de útgongspunten fan ús kultuerbelied hâlde. Neffens ôfspraak sille wy dit jier noch komme mei in diskusjenotysje oer in nij ramt foar it wolwêzensbelied. It giet dêrby om in aktualisearring fan de wolwêzensnota "Kieze foar gelikense kânsen" út 1989. De provinsje beheint him wat langer wat mear ta keartaken, mar kiest in aktivere rol. Der wurdt wurke mei produkt-ôfspraken mei ynstellings. Yn de mande mei subsidiearre ynstellings wurde doelen steld. De omslach nei produkte-begruttings is ek yn de letterewrâld makke.

Taalbelied foarmet in wichtich ûnderdiel fan it provinsjaal belied. Taalbelied is mear as letterebelied, mar it letterebelied is wol in wichtich ûnderdiel fan it taalbelied. De taal ûntliet foar in grut part syn krêft oan in libbene literêre kultuer. It is dêrom dat wy foar de kommende jierren útstellen dogge om it literêre klimaat te ferbetterjen en de literêre produksje te ferbetterjen en te ferheegjen.

2. FAN EVALUAASJERAPPORT NEI NOTYSJE LETTEREBELIED EN OPSET FAN DE NOTYSJE

Boarnen

Yn 1994 is ús letterebelied troch de Rijksuniversiteit Groningen evaluearre. It rapport "Evaluatierapport Letterenbeleid Provincie Friesland" is dêr de delslach fan. Yn it evaluaasjerapport binne net allinne ús beliedsútstellen besjoen, ek de al earder ferskynde advizen fan it Berie foar it Frysk/Provinsjale Advyskommisje Fryske Literatuer en de ûndersyksferslaggen fan Fryske Akademy en CHN binne meinommen (sjoch taheakke I). Op grûn dêrfan geane wy yn dizze notysje net wiidweidich yn op de foar 1994 ferskynde advizen, mar beheine ús oant 1994 ta it evaluaasjerapport.

It Skriuwersboun hat fûnamintele krityk op it evaluaasjerapport en skreau dêrom in reaksje. Om't de posysje fan de skriuwers tige wichtich is yn ús letterebelied en om't dy reaksje fan nei it evaluaasjerapport is, behannelje wy dizze reaksje wol yn dizze notysje.

Sûnt it ferskinen fan it evaluaasjerapport yn 1994 binne in tal jierren ferrûn. Underwilens is fierder ûndersyk dien. Yn it foarste plak kaam it Sociaal Planbureau mei it mânske ûndersyksferslach nei it lêzen yn Nederlân: "Leesgewoonten, een halve eeuw onderzoek naar het lezen en zijn belagers".

Twad ûndersocht de Fryske Akademy de stân fan saken wat it behearskjen fan it Frysk oanbelanget yn 1994/1995. De Fryske Akademy hat dêrby ek fragen opnommen oer it lêzen fan boeken. Dizze sifers binne noch net publisearre. Lykwols wie de Akademy ree en jou ús in earste ynsjoch yn de sifers oer Frysklêzen.

Tred waard troch de Stichting It Fryske Boek ûndersyk dien nei de ferkeapmerk fan Fryske boeken. Dizze trije boarnen hawwe wy by de evaluaasje belutsen.

De boarnen by del

It evaluaasjerapport folget de opset fan de letterenotysje 1989. It ûnderdiel fan belied wurdt besjoen wat der fan terjochte kommen is. It evaluaasjerapport is sa eins in beskriuwing fan wat de organisaasjes yn de jierren 1990-1994 út de wei setten hawwe en wat de provinsje mei har fûnsen berikt hat. It evaluaasjerapport makket goed ynsichtlik wat der alle jierren omgiet yn de letterewrâld. Op grûn fan de beskriuwings fan wat der yn de jierren 1990-1994 bard is, komt it evaluaasjerapport mei in skôging oer de beliedsútwurking en tagelyk jout it oanbefellings.

Yn it yn 1989 útsette belied wiene de folgjende punten fan belang: it stypjen fan de literêre produksje, mear merkwurking en stipe foar in better literêr klimaat. Wichtich dêrby wie dat de organisaasjes mear gearwurkje soene en profesjoneler wurde soene. De wichtichste konklúzjes út it evaluaasjerapport binne neffens ús:

- De keazen rjochting fan merkwurking hat net laat ta in legere produksje fan boeken of it ynsakjen fan de kwaliteit fan Fryske boeken;
- Fan it mear wurkjen fan de merk kin noch net sprutsen wurde, om't gjin ynsjoch bestiet yn ferkeapsifers;
- It ynvestearjen yn begelieding fan skriuwers hat noch net laat ta in heger nivo fan de Fryske literatuer;
- De organisaasjes hawwe de eask fan gearwurking goed oppakt en wurkje profesjoneler;
- Mei de ynset fan aktiviteitefûnsen is in rynsk ferskaat oan nije aktiviteiten opsetten. De wurking fan de fûnsen is net alhiel dúdlik.

Us algemiene konklúzje út it evaluaasjerapport is dêrom dat de grutte linen fan ús belied wurkje, mar dat noch hiel wat barre moat foar't wy fan in goede situaasje sprekke kinne yn de Fryske literatuer. It liket de baas dat wy nije swiertepunten/oandachtspunten oanjouwe. Op punten dêr't it belied net goed út de ferve komt jout it evaluaasjerapport mienings fan respondinten oan, dy't nochalris tsjinsteld binne. Ek de reaksje fan de skriuwers jout oan dat wy der mei it evaluaasjerapport noch net binne. It evaluaasjerapport is sa skreaun dat feiten, mienings en konklúzjes wat te folle trochinoar steane.

Sa't wy yn de ynliding seine, wolle wy mei de ynstellings ta produkte-ôfspraken komme en doelen stelle. It is dan fan belang dat der goede feiten op tafel lizze. Wy sille dêrom yn dizze notysje besykje om sa goed mooglik de feiten oan te jaan.

Nei't it evaluaasjerapport ferskynd is binne oare ûndersiken útkommen, dy't bygelyks in hiel oar byld sketse fan de Frysklêzer. Wurdt yn it evaluaasjerapport fêsthâlden oan it profyl fan de Frysklêzer dy't fral út de legere sosjale groepen komt, út resinte sifers fan de Fryske Akademy docht bliken dat dat wat oars leit. Minsken út sosjaal legere fermiddens lêze wol mear Frysk, mar lêze minder, dêrom foarmje hja net de grutste groep Frysklêzers. Ut lanlik ûndersyk fan SCP docht dêrnjonken bliken dat lêsgedrach eins net sa mar fia respondinte-ûndersyk dien wurde kin, mar eins allinne mar fia tiidsbestegingsûndersyk. Ek it soarte fan boeken dat lêzen wurdt, komt dan winliken allinne mar dúdlik út. Wy hawwe de letter ferskynde boarnen ek brûkt by dizze notysje.

Opset fan de notysje.

Wy hawwe keazen foar de folgende opset fan dizze notysje:

Haadstik 1 : Ynliding

Haadstik 2 : Fan evaluaasjerapport nei notysje letterebelied

Yn de earste twa haadstikken hawwe wy al oanjûn hoe't wy fan it evaluaasjerapport nei dizze notysje komme.

Haadstik 3: Hoe leit it lân der hinne, basisgegevens oer de Fryske letteren

Om't der in soad mienings binne oer hoe't ús belied fierder moat, om't de feiten oer de Fryske letteren dy't yn it evaluaasjerapport steane wat ferskûle binne tusken mienings en konklúzjes en om't de gegevens fan it evaluaasjerapport op grûn fan oare boarnen nei 1994 oanfolle wurde kinne, hawwe wy keazen om yn haadstik 3 oan te jaan, hoe't it lân der -kwantitatyf sjoen- hinne leit. Dy sifers kinne op in soad plakken ferbettere wurde en oanfolle. Wy roppe it fjild op de sifers te kontrolearjen.

Haadstik 4: It letterebelied: de basis

Om't wy fan miening binne dat de basis fan ús belied oer it generaal wurket, hâlde wy fêst oan dy basis. Foar alle dúdlikens is dat basisbelied beskreaun yn haadstik 4.

Haadstik 5: Swiertepunten yn it letterebelied

Om't der op grûn fan it evaluaasjerapport en de oare boarnen dúdlik oanlieding is om ta swiertepunten yn ús belied te kommen hawwe wy yn haadstik 5 opnommen hokker swiertepunten wy foar de kommende jierren nedich achtsje. Wy komme dêrby hieltiten werom op it evaluaasjerapport en de oare boarnen.

Haadstik 6 : Finânsjes

Yn haadstik 6 folge de finânsjes.

Haadstik 7 : Samenvatting

Yn haadstik 7 folget in gearfetting yn it Nederlânsk.

Taheakken : Yn in bondel taheakken wurde boarnen oanjûn (I) , de oanbefellings fan it evaluaasjerapport en it Skriuwersboun gearfette en op de oanbefellings in reaksje jûn (II en III), de fûnsútjeften 1990-1994 oanjûn (IV) en in list fan ôfkoartings (V).

Mei dizze opset kin dizze notysje apart fan it evaluaasjerapport lêzen wurde. It evaluaasje-rapport leit útsoarte op besjen, mei alle oare neamde boarnen.

3. HOE LEIT IT LAN DER HINNE; basisgegevens oer de Fryske letteren

3.1. De skriuwer

Tal skriuwers:

- Yn it jierferslach fan it Skriuwersboun fan 1995 stiet opnommen dat it ledetal tanommen is mei tritich leden. Op dit stuit binne der in goed 200 minsken dy't harsels Fryskskriuwer neame. Om't ek belangstellenden lid wêze kinne binne net alle leden aktyf skriuwer.
- Yn de Skriuwersalmanak fan 1994 binne sa'n 110 Fryske skriuwers opnommen. Sjoen it kommintaar dat op dy Almanak jûn waard is dat tal te leech. Wy hâlde it derop dat der sa'n 120 aktive Fryske skriuwers binne.

Tal skreaune wurken:

- Hoefolle wurken de skriuwers meiinoar produsearje, is net hielendal dúdlik. Wy witte net hoefolle manuskripten oanbean wurde dy't net útjûn wurde.
- It titeloanbod dêr't hja alle jierren foar soargje is trochmekoarinne in lytse 90 útjeften, wêrfân't sa likernôch 30% bestiet út belletry, 25% út berneboeken, 16% út poëzij en 30% út ferskaat (Fryske Akademy-útjeften bygelyks). Fan de poezij-bondels ferskynt 30% de lêste jierren yn eigen behear. By ferskaat is dat in lytse 20%. (sifers oer de jierren 1990 oant 1994, 346 titels) (boarne: as dat net oanjûn stiet is de boarne it evaluaasje-ûndersyk).
- Yn de jierren 1990 oant 1996 wiene der 63 debuten, wêrfân't 24 belletry, 12 berneboeken, 23 dichtwurken en 4 toanielstikken. Yn de jierren 1990 oant 1994 kamen 45 debuten út, dat is 13% fan it totale titeloanbod (346) en 19% fan it titeloanbod minus de rubryk ferskaat (242)(definysje fan debút is: in debút yn ien fan de sjenres)(boarne: FLMD).
- Yn dyselde tiid ferskynden 78 oersettings, wêrfan't 17 belletry, 48 berneboeken, 10 dichtwurken, 1 toanielstik en 2 yn de kategory ferskaat. Oer de jierren 1990- oant 1994 kamen 44 oersettings út, dat is 13 % fan de ferskynde titels (346) en 18 % fan it titeloanbod minus de rubryk ferskaat (242)(boarne FLMD).

Begelieding skriuwers/beurzen en opdrachten:

- It oanbieden fan begelieding yn de foarm fan kursussen en workshops hat laat ta begelieding fan 80 skriuwers (begjanners en ferdjippers).
- 20 skriuwers it jier krije begelieding by it skriuwen fan koarte ferhalen troch it FLMD.
- De Fryske skriuwers krije fan de lanlike fûnsen wurkbeurzen en oanfoljende honoraria. Fan het Fonds voor de Letteren hawwe de lêste jierren sa'n 10 -12 skriuwers in wurkbeurs krigen. Oanfoljende honoraria rinne op ta 12 titels fan 11 skriuwers.

3.2. It boek

Tal útjouwers:

- It oanbod Fryske boeken wurdt fral fersoarge troch útjouwerijen mei in Fryske portefúlje. Fan de 394 boeken dy't tusken 1990 en heal 1994 útjûn waarden kaam 30% fan de AFUK/Útjouwerij Fryslân, 21% fan de Friese Pers, 12% fan de Koperative Útjouwerij, 3% fan Frysk en Frij, 5 % fan De Tille/KFFB en 10% fan de Fryske Akademy. De oare útjouwerijen, De Tille, FLMD (inkeld de eigen rigen), De Oare Útjouwerij stiene meinioar foar 19%. Trochmekoarinne waard 11% fan de titels yn eigen behear útjûn.

Tal boeken dat subsidiearre wurdt:

- Alle jierren wurde sa'n 29 boeke-útjeften subsidiearre.
- Fan alle nije boeke-útjeften wurdt troch de provinsje yn 47% fan de gefallen subsydzje jûn. Fan alle subsidiearre titels út it Fûns Fryske Utjeften waard oer de perioade 1990 oant heal 1994 trochmekoarhinne 41% belletry, 32 % berneboeken, 18% poezij en 9% ferskaat subsidiearre.

Ferkeap fan boeken:

- Utjouwers sette har boeken ôf nei bibliteken, skoallen, boekhannels. De omsetfers fan útgjowers fan Fryske boeken rinne op. Yn 1990 waard foar in lytse f 800.000 omset, yn 1994 wie dat benei f 1.100.000. (it giet hjir dus net om ferkeapprizen, mar om wat de útgjowers derfoar krije. De marzje foar de boekhandel is 36%, dêr boppe-op komt dan noch omsetbelêsting).
- Tusken de 60 en 70% fan de ôfset fan útgjowers giet nei de boekhannels, 15% wurdt fia de sutelaksje ferkocht. It oandiel fan de bibliteken is fan 1990 ôf mei de helte mindere fan in oanpart fan 5% nei 2,6% (Boarne: Undersyk fan de Stichting It Fryske Boek: Friese Boeken Nader Bekeken, Leeuwarden, 1996).

Distribúsje:

- De distribúsje fan útgjower nei winkels wurdt mei help fan it IFB dien.
- Distribúsje nei bibliteken docht de CBD: it tal oanskaffings fan Fryske boeken foar bibliteken wurdt foar 70% dutsen troch provinsjaal subsydzje en foar 30% troch de gemeentlike budzjetten fan de iepenbiere bibliteken (boarne: jierferslaggen CBD).

3.3. It tiidskrift

- Fryslân hat twa literêre tiidskriften. "Hjir" hat in oplage fan 350, "Trotwaer" in oplage fan 400. De útgjowers fan de beide tiidskriften binne resp. de Stichting Hispel en de Koperative Utjouwenij. It berik is de lêste jierren net feroare.
- Beide tiidskriften hawwe alle jierren sa'n 300 siden tekst. Trochmekoarhinne besteegje de tiidskriften oan poezij 20% en ek sa'n 20% oan proaza. Resinsjes nimme in lytse 20% yn. Temanûmers ek 20%. De rest is beskôgings, ynterne ynformaasje, oersettings of toaniel (boarne FLMD).
- Oan de tiidskriften wurkje alle jierren sa'n 50 skriuwers mei. Dêrby is mar in lyts bytsje oerlaping tusken de beide tiidskriften. Yn 1993 skreaune acht auteurs foar beide blêden, yn 1995 mar fiif. De beide blêden hawwe dus in eigen auteursrûnte. Hjir jout wat mear omtinken oan ûnbekind talint as Trotwaer. Trotwaer jout wat mear romte oan skôgings. Oer it ginneraal liket de skriuwersgroep fan Hjir wat jonger (boarne: FLMD).
- As mear beheinde poadia foar Fryske skriuwers kinne neamd wurde: De Holder en Sjederr: blêden foar it ûnderwiis dy't berne- en jongereinferhalen opnimme. Frysk en Frj besteget rom omtinken oan Fryske literatuer troch it opnimmen fan koarte ferhalen, de poëzijrubryk en it geregeldwei útjaan fan boekebijlagen. Yn Grins ferskynt it tiidskrift "De Blauwe Fedde", dat troch jong folwoeksenen skreaun wurdt en foaral dy leeftiidsgroep as doelgroep hat. It hat litêre pretinsjes en is ek foar in part in literêr tiidskrift. Jongere redaksjeleden fan "De Blauwe Fedde", "Hjir" en "Trotwaer" organisearje in pear kear jiers saneamde iepen poadia yn Grins. Njonken literatuer jouwe de poadia ek omtinken oan foarmen fan poadiumkeunsten en de byldzjende keunst.

3.4. De lêzer

Tal winkels:

- De keaper kin Fryske boeken keapje yn sa'n 50 boekwinkels, sadat yn elts wat grutter plak eins wol in boekwinkel is mei in Frysk aanbod. Dernjonken wurdt de keaper oan de doar betsjinne yn de sutelaksje yn sa'n 130 plakken.

Tal bibliteken:

- De liener kin yn 64 festigings fan bibliteken terjochte en yn 11 bibliobussen, sadat oer it ginneraal altiten binnen in straal fan 5 kilometer in boek liend wurde kin. Njonken de iepenbiere bibliteken hat de Provinsjale Bibleteek fan Fryslân foar de Frysklêzer in folslein aanbod.

Lêsbefoarderjen:

- Yn it platfoarm "Taalryk Fryslân" wurkje alle lettere-organisaasjes gear oan in jierliks program foar it lêsbefoarderjen (sjoch "Kalendarium")(op besjen).
- Lanlik is lêsbefoarderding as prioriteit yn it letterebelied keazen. De "Stichting Lezen" subsidiearret in grut twatalich projekt "Boeken Boppe" dat útfierd wurdt troch it platfoarm lêsbefoarderding Taalryk Fryslân. Yn it ramt fan it projekt wurde radio- en tv-programma's makke.

Wa lêst, keapet of lient (boarne gegevens oer Frysklêzen: ûndersyk taal yn Fryslân II):

- Neffens resinte sifers fan de Fryske Akademy lêst fan alle ynwenners boppe de 12 yn Fryslân 22% nea in boek, 45 % lêst gjin Fryske boeken en 33% lêst ek Fryske boeken
- Neffens dyselde sifers keapet 39% nea in boek, 49% nea in Frysk boek en 12 % wolris in Frysk boek. Dêrfan 9% yn it lêste healjier 1 boek en 3% 2 of mear.
- Liene dan. 49% lient nea in boek yn de bibliteek, 36% nea in Frysk boek en 14% wolris in Frysk boek.

Skaaimerken fan de Frysklêzer:

- Leeftiid is foar Fryske boeken lêzen in gegeven. Fan jong nei âld lêst 17,2 % (12/20 jier); 26,8 % (20/35 jier); 49,7 % (36/64 jier) en 65,8 % (boppe 64 jier) ek Fryske boeken.
- Alde stêden foaroer Frysk plattelân smyt in ferskil op wat it lêzen fan Fryske boeken oanbelanget. Yn de stêden lêst 32,5% ek Fryske boeken, op it plattelân is dat 46,2%.

Ferdieling fan de Frysklêzers oer sosjale groepen:

- Fan alle Frysklêzers komt 14% út de leechste sosjale groep (werby't 36% wolris Frysk lêst, mar 34% net lêst); 26% fan de lêzers komt út de legere middengroepen (werby't 26% wolris Frysk lêst en 34% net lêst); 37% komt út de hegere midden-groepen (werby't 37% wolris Frysk lêst en 16,9% net lêst); 23% komt út de heechste groepen. (werby't 37% wolris Frysk lêst en 9% net lêst).

Lêsmark, lienmerk, keapmerk:

- As wy sifers fan lêze, keapje en liene omslane op de groep Friezen kin yn prinsipe de lêsmark, de keapmerk en de lienmerk yn Fryslân (dêrbuten bestiet útsoarte ek noch in merk) rûsd wurde. Wy hâlde in soad slaggen om de earmtakke (útjouwers

jouwe net graach ferkeapsifers), mar kinne dan in lêzersmerk fan 160.000 Frysk-lêzers (33% fan 500.000 Friezen) oantsjutte, wêrfan't 60.000 keapers dy't 90.000 boeken it jier keapje. De lienersmerk is 70.000 persoanen (= 35% fan de ynskreaune brûkers fan de bibleteken yn hiel Fryslân) dy't mei syn allen soargje foar 300.000 útlienings fan Fryske boeken it jier.

3.5. Ynsidintele aktiviteiten

- Foar ynsidintele aktiviteiten bestiet it provinsjale "Fûns Fryske Literatuer" (yn 1997 omsetten yn it budzjet Fryske Literatuer) mei in jierbedrach fan f 50.000,-. Fierder bestiet op de provinsjale begrutting de post "begelieding skriuwers". Beide bestean fan 1990 ôf.
- Yn taheakke IV steane alle útjeften oer dy fiif jier oanjûn, sadat der in goed ynsjoch te krijen is fan de ynsidintele aktiviteiten dy't plakfine. De aktiviteiten binne ferdield yn: projekten, boeken, stúdzjedagen, promoasje, literêre jûnen, produksjes, útwikselings, CD's, útstallings, oersettings, kursuswurk en fierder.

3.6. Stúdzje en bewarjen

- De Provinsjale Bibleteek is in wittenskiplike bibleteek mei in útlie - en bewarfunksje. De PB sammelt alles wat yn it Frysk ferskynt oan boeken, kranten en tiidskriften en hat dus in komplete kolleksje Fryske literatuer.
- It FLMD sammelt dokumintaasje oer de Fryske literatuer en hat in samling boeken, argiven fan Frysk literêre organisaasjes, hânskriften, brieven en dokuminten, ikonografy, knipselargyf, lûdargyf en in muzykargyf.
- Oersjoggen literatuer/boeken wurde jûn yn nije Fryske útjeften yn Trotwaer (FLMD); nije oanwinsten yn Fryslân (blêd fan it Fries Genootschap)(PB); nij ferskynde boeken en media yn FANNIJS (oer Fryslân) (CBD); Nije útjeften yn "BoekeNijs" (IFB).
- Resinsjes/besprekken: oer it ginneraal ferskine yn de Fryske kranten resinsjes fan nije útjeften. Frysk en Frij jout omtinken oan Fryske boeken, yn "de Pompebleden" (AFUK) ferskine besprekken. Yn "Hjir" en "Trotwaer" wurdt rom omtinken jûn oan resinsjes en besprekken.
- It FLMD soarget foar de stúdzje fan de nije Fryske literatuer, de Fryske Akademy en de Universitêre opliedings Frisistyk foar de âld-Fryske literatuer. Ien en oar laat ta útjeften fan it FLMD yn de nije "Byskriften", dissertaasjes (fan de Fryske Akademy) by de Universiteiten (Grins, Amsterdam, Leyen).
- Yn de blêden fan de Fryske Akademy "it Beaken", "yn 'e Smidte" en yn it blêd fan it Frysk Ynstitút, "Us Wurk" wurdt omtinken jûn oan stúdzjes. AFUK/CBD en FLMD jouwe de map "Oer Fryske skriuwers en dichters" as losblêdich tiidskrift út.
- It Fryske Berneboek organisearret, gauris yn oparbeidzjen mei oare ynstellings, alle jierren op syn minst ien stúdzje-aktiviteit oer aktuele tema's.

3.7. Lanlike fûnsen

- Nederlands Productie en Vertalingenfonds.

Mei help fan dit fûns is de nije Fryske Klassiken útjûn. Dit fûns beslút oer de rykssubsydzje foar de Fryske literêre blêden. Yn de presintaasjes fan it fûns fan de Nederlânske literatuer wurde Fryske skriuwers behelle. By de ynformaasje dy't it fûns benammen oan bûtenlânske universiteiten, dy't it Nederlânsk dosearje, jout, kin it Frysk mear opnommen wurde.

- Fonds voor de Letteren.

It fûns jout beurzen en oanfoljende honoraria foar skriuwers en oersetters.

- Fonds voor Bijzondere Journalistieke Projecten.

Dit fûns sil omfoarme wurde ta in non-fiksje fûns, op dat stuit wurdt it nijsgjirrich foar de Fryske taal.

- Stichting Lezen.

Dizze stifting is ynsteld foar lêsbefoarding. De Stifting stipet in mansk twatalich lêsbefoardingsprojekt "Boeken Boppe" yn Fryslân dat troch it "Platfoarm lêsbefoarding Taalryk Fryslân" útfierd wurdt.

- Nederlandse Taalunie.

Benammen it omtinken oan opliedings foar oersetters kin fertuten dwaan foar it Frysk. Oant no ta hat it Frysk gjin plak yn de stifting.

- Stichting Frankfurter Buchmesse.

Dizze stichting bliuwt bestean foar de promoasje fan de Nederlânske literatuer yn oersetting.

- Europeeske mooglikheden

By de Europeeske Uny (Brussel) besteane yn guon gefallen subdydzjemooglikheden. Meast bekend is it program 'Aniane' dat rjochte is op de kennis en fersprieding fan skeppend wurk op literêr wurk, wêrûnder oersettings. Dêrnjonken kin in berop dien wurde op it projekt 'Steun van de Europese Commissie voor acties en bescherming van regionale en minderheidstalen en -culturen'.

3.8. Organisaasjes

Kearntaak fan skriuwer nei boek:bewarje/sammelje/promoasje boek:	FLMD
Kearntaak it boek fan útjouwer nei keaper/lêzer:	IFB
Kearntaak toanielteksten útjaan:	STUFT
Kearntaak begelieding toanielskriuwers:	SSFT
Kearntaak literêre foarming:	Keunstwurk
Kearntaak it boek fan bibleteek nei liener/lêzer:	CBD
Kearntaak dokumintaasje en stúdzje:	FLMD
Kearntaak bewarje en útlie:	PB
Kearntaak wittenskiplik ûndersyk Fryske literatuer:	FA

3.9. Prizestelsel

- Der bestiet in provinsjaal prizestelsel: alle jierren wurdt in priis útrikt: de Obe Postmapriis foar oersettings (f 1.500), de Fedde Schurepriis foar debuten (f 1.500) (dizze beide wurde it selde jier útrikt) en de Gysbert Japicxpriis (f 4.000) foar it bêste ferskynde wurk of oeuvre. Dêrnjonken bestiet de Joast Halbertsmapriis foar wittenskip (f 4.000).
- Njonken de provinsjale priizen is der de Piter Jellespriis fan de gemeente Ljouwert (ôfwikseljend Nederlânsktalich en Frysktalich). De Simke Kloostermanpriis is der foar berneboeken. De iennichste Nederlânsktalige priis is de Anton Wachterpriis, dy't yn Harns útrikt wurdt.
- De Rely Jorritsmapriis is in priisfraach (100 ynstjoerings, trochmeoarthinne priizen fan f 1.000). De KFFB hat ek in priisfraach. Earder hie de Ried fan de Fryske Beweging de Afûk-jongerepriis, mar dy is fanwegen te min kwaliteit en kwantiteit ynlutsen.

4. IT LETTEREBELIED: de basis

Middels it letterebelied wol de provinsje rânebetingsten skeppe om de Fryske letteren har útjaan kinne te litten. Dat begryp "letteren" folje wy breed yn, it giet net allinne om literatuer, mar ek om it gewoane lêsbok. Toanielteksten en senario's wurde yn it begryp behelle. Oer it ginneraal kin sein wurde dat it om fiksje giet en om "it lêzen om it lêzen" as kultuerpartisipaasje.

Wy hantearje it prinsipe dat datjinge dat fia de merk regele wurde kin dêr ek regele wurde moat. Kultuer hat lykwols oerheidsstipe nedich. Yn ús beheind taalgebiet is dat noch mear it gefal as yn bygelyks de Nederlânske ferhâldings. As provinsje hawwe wy dêrom in basisstruktuer fan ynstellings en budzjetten foar beskate doelen. Dêrmei wurdt eins op alle ûnderdielen fan wat jo de "bedriuwskolom literatuer" neame kinne, stipe jûn.

Yn syn algemienens ferfolt de provinsje de folgjende taken yn de Fryske letteren:

a. De provinsje stipet de lettere organisaasjes foar de folgjende kearntaken:

fan skriuwer nei boek:	FLMD
it boek fan útjouwer nei keaper/lêzer:	IFB
toanielteksten útjaan:	STUFT
begelieding toanielskriuwers:	SSFTS
literêre foarming:	Keunstwurk
it boek fan bibleteek nei liener/lêzer:	CBD
dokumintaasje en stúdzje:	FLMD
bewarje en útlie:	PB
wittenskiplik ûndersyk	FA

b. de provinsje stipet de merk foar Fryske boeken mei in jierbudzjet fan f 150.000;

c. de provinsje stipet it útjaan fan tiidskriften;

d. de provinsje stipet in libben en ferskaat literêr klimaat troch de ynset fan in f 50.000 foar aktiviteiten;

e. de provinsje soarget foar belangebehertiging fan de Fryske letteren yn it ryksbelied.

As taljochting beskriuwe wy de ynset yn de beskate ûnderdielen.

De skriuwer

Om by it skriuwen te begjinnen. Der wurdt begelieding oanbean oan skriuwers yn de foarm fan kursussen fan it FLMD (stipefunksje literatuer), it Skriuwersboun en yn it gefal fan toanielteksten de SSFT. Wie it foar 1989 sa dat de provinsje opdrachten ta it skriuwen fan boeken joech, nei 1990 is dat belied ferlitten, neffens de stelling dat de merk bepale moat hokker boeken útjûn wurde. As opdrachten jûn wurde moasten dan soene útjouwers dêrfoar stean moatte. Mei it ynstellen fan in post "begelieding skriuwers" waard wol in ynsidintele opdracht mooglik makke. As belied waard it ferlitten.

Skriuwers binne sûnt 1990 hielendal oanwiisd op de lanlike literatuerfûnsen foar beurzen en oanfoljende honoraria. Foar de belangebehertiging foar û.o. dit stik fan saken wurdt it Skriuwersboun subsidiearre. Mei as oanrûn foar it skriuwen bestiet it provinsjaal prizestelsel.

It boek, it tiidskrift

Wat it útjaan fan boeken oanbelanget hawwe wy de lêste seis jier in jierbudzjet fan f

150.000 beskikber. Wie it foar 1990 sa dat alle oanfragen fan útjouwers hifke waarden op kwaliteit, ek hjir waard keazen foar in mear merkrochte benadering. De útjouwers leverje op folchoarder fan prioriteit te subsidiearjen boeken oan en neigeraden it budzjet wurdt yn ien kear it jild ferdielt. Alle jierren sjocht de Provinsjale Advyskommisje Fryske Literatuer nei it systeem. De boekeregeling makket gjin ûnderskied yn sjenres. It giet om fiksje yn in brede betsjutting. Der wurdt ek gjin ûnderskied makke nei doelgroepen. Ek hjir wurdt de leie oan de útjouwers litten.

Njonken publikaasjemooglikheden yn boekfoarm stiet de provinsje noed foar de twa Fryske literêre tiidskriften Hjer en Trotwaer.

De Fryske Akademy, It Fryske Boek, it FLMD en de útjouwers wurkje yn de mande oan it op priemmen setten fan bisûndere útjeften, útjeft-rigen, oersjoch - en promoasjewurken. De rige Fryske klassiken, de Spiegel van de Friese Poezie, it boek foar de Frankfurter Buchmese en oare oersettings binne it nisseltaat. Hjirby wurde faak, njonken provinsjale ynsidintele bydragen, lanlike boarnen oanboarre. It STUFT jout toanielteksten út.

Distribúsje

De distribúsje fan it boek is sûnt in tal jierren goed regele fia IFB. Foar de distribúsje is de sutelaksje (oars sûnder subsydze) wichtich, In grutste tal boeken wurdt lykwols distribuearre nei de boekwinkels. De CBD soarget foar de distribúsje nei de bibliteken yn en bûten Fryslân.

Promoasje

As it boek op 'e merk is moat it promoate wurde. It Fryske Boek wurdt subsidiearre foar benammen de kommersjele promoasje. De Stifting hat dêrfoar in fêststeand jierprogramma fan boekewiken, boekewikegesinken, literêre jûnen ensfh. It FLMD docht de mear ideële promoasje mei útstallings. Operaasje Fers, de dichterstillefoan, is in spesifike promoasjemooglikheid foar poëzij, mar hat sûnt 1996 gjin funksje mear.

De lêzer

Wurkje de útjouwers en it Fryske Boek mei it produkt "boek", de CBD wurdt benammen subsidiearre foar it stypjen fan lêsbefoarding. De lêzer stiet hjir sintraal. Sûnt ferline jier wurdt yn in platfoarm "Taalryk Fryslân" gearwurke foar lêsbefoarding, in tige goed ynisjatyf. De ynstellings anneks mei it platfoarm jouwe yn in jierliks "Kalendarium" oan hokker aktiviteiten der binne. Mei help fan de lanlike "Stichting Lezen" wurdt dêmjonken in grut projekt "Boeken Boppe" op skoallen dien.

In bisûndere foarm fan lêsbefoarding is de saneamde literêre edukaasje. Yn it ramt fan de keunstsinnige foarming wurdt troch de stichting Keunstwurk op dit mêd wurke. De jierlikse foardrachtsknich foar jongerein "Ferstival" (MSU) kin ek ta dizze kategory fan aktiviteiten rekkene wurde.

De CBD stiet noed foar in goede posysje fan it Fryske boek yn de bibliteken. Fan de provinsje krijt de organisaasje in bedrach foar it oantugen fan Fryske boeken. Dêmjonken soarget de CBD foar de saakkundigens fan de bibliteekmeiwurkers troch ynformaasje en kursuswurk. De CBD hat in lyts útjeftfûns foar Fryske boeken (f 8.000).

It bewarjen en de stúdzje

As it boek ferskynd is wurdt it dokumintearre en bewarre. It FLMD soarget foar dokumintaasje en jout fasiliteiten by de bestudearring fan de Nijfryske literatuer. De Fryske Akademy en de universiteiten soargje foar de stúdzje fan alle tiidrekken fan de Fryske literatuer. De Provinsjale Bibleteek fan Fryslân bewarret it Fryske boek.

In libben literêr klimaat

De boppesteande aktiviteiten en de dêrmei gearhingjende subsydzjes binne eins allegearre rjochte op jierliks weromkommende aktiviteiten. De aktiviteiten foarmje de basis fan it litêrere klimaat. Dizze basisstruktuer wurdt úteinlings kompletearre mei in budzjet foar ynsidintele literêre aktiviteiten om ta in wikseljend jierprogram te kommen. Nije inisjativen, twatalige gearwurkingsprojekten, it ynsetten fan nije soarten media foar de oerdracht fan de Fryske literatuer: de fûnsútjeften foarmje in grut ferskaat (sjoch taheakke V).

It ryk mei mandelich

De provinsje is warber om de Fryske literatuer in goed oanpart hawwe te litten yn it belied fan de ryksoerheid. Yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (1993) binne ôfspraken makke oer de tagong ta de lanlike fûnsen, bestjoersleden foar de lanlike fûnsen en it meisubsidiearjen fan it ryk fan it FLMD. Dat de Fryske taal yn it rykskeunstebelied in better plak krigen hat mei bliken dwaan út de Fryske passazje dy't yn de rykskeunstenota "Pantser of Ruggengraat" opnommen is.

5. SWIERTEPUNTEN YN IT LETTEREBELIED

5.0. Basisbelied en swiertepunten

Op grûn fan it evaluaasjerapport en de oare boarnen komme wy ta trije soarten fan swiertepunten.

It earste soart swiertepunt is ynhâldlik rjochte. It giet om it ynsetten op mear kwaliteit, it krijen fan mear lêzers en stipe oan de jongerein. Ut it evaluaasjerapport wurdt dúdlik dat fan in kwaliteitsympuls yn de Fryske letteren de lêste seis jier noch net dúdlik sprake west hat. Wy moatte dus besjen hoe't wy op dit stik fan saken fierder komme. Twad komt út resint ûndersyk dat de fraach nei lektuer dochs wolris breder wêze kin as dat oant no ta oannommen wurdt. Tred bliuwt de takomst fan de Fryske literatuer in punt fan omtinken.

It twadde soart swiertepunt komt streekrjocht út it evaluaasjerapport: de provinsje seit merkwerking stypje te wollen, mar hat net genôch gegevens. De bibliteken stypje it Fryske boek yn bibliteken, mar hat gjin útlisifers. Organisaasjes stypje de lêzer, mar it profyl fan de Frysklêzer liket ûndúdlik te wêzen. It giet hjir om swiertepunten dy't it belied én fan de provinsje én ek fan de organisaasjes better ûnderbouwe kinne. By dit soarte fan swiertepunten heart ek it kommen ta fierdere gearwurking, om sa mear út de wei sette te kinnen.

It tredde soart swiertepunt is basearre op maatskiplike ûntjouwings fan de lêste jierren. De media yn Fryslân binne tige yn ûntjowwing. Fryslân wol har as provinsje mear profyllearje en yn de Nederlânske letterewrâld tekenet him it belang fan in prizestelsel as stipe oan in kultureel klimaat hieltiten mear ôf.

5.1. It literêre boek sintraal

Yn 1989 hawwe wy de begelieding fan skriuwers as nij beliedsûnderdiel opnommen. De lêste seis jier is troch it FLMD yn de breedte wurke by de begelieding fan skriuwers. Neffens it evaluaasjerapport liket de merk fan begjinnende skriuwers no sa'n bytsje ôfreamme: it FLMD tinkt dêr justjes oars oer. De ynset fan begelieding fan skriuwers wie it krijen fan in kwaliteitsympuls yn de Fryske literatuer. Dy is yn seis jier noch net te sjen, mar men kin fan tinken wol hawwe dat it effekt fan in ynvestearring yn de breedte yn seis jier noch net goed te merken is. De tiid sil leare oft de kursisten har mear ta skriuwen sette.

Wy wolle lykwols ta op in kwaliteitsympuls foar de Fryske letteren. Dat betsjut dat wy it literêre boek en dêrmei de literêre skriuwer sintraal stelle. In klacht fan skriuwers is dat der net genôch oantrún is om te skriuwen. It FLMD soe datoangeande mei de útjouwers in soarte fan literêre skoutingsfunksje hawwe kinne, rjochte op it ferheegjen fan de produksje fan literêre wurken. No't de funksje fan de literatuerbefoarderer fan it FLMD troch it ryk op 1 july 1997 fan trije nei fjouwer dagen útwreide is, lizze dêr faaks mear mooglikheden. Foar't neist leit hjir ek in taak foar IFB, no't dy organisaasje sizzenskip krijt oer it jild foar de begelieding fan skriuwers.

De skriuwers kleie wolris oer de subsydzjemooglikheden fan de lanlike fûnsen. Sa wurde, neffens de skriuwers, oanfoljende honoraria pas útbetelle by beskate oplagen by sawol oarspronklik wurk as by oersettings. Winliken giet it hjir om in kwantiteitsprobleem. Mei it Skriuwersboun en it Nederlands Fonds voor de Letteren sille wy sjen oft wat oan dat probleem te dwaan is.

De post begelieding skriuwers jouwe wy mear struktuer. Sa giet it oanbelangjend budzjet tenei as earmerke jild nei It Fryske Boek. Dy organisaasje sil it jild ynsette foar de betelle begelieding fan benammen debutanten.

Wy binne it mei de Koperative Utjouwerij iens dat it literêre boek by de algemiene promoasje fan it boek troch It Fryske Boek net ûndersnije mei.

5.2. De lêzer sintraal

Yn it foarste plak is lêsbefoarding in wichtich swiertepunt foar de kommende jierren. Wy binne tige ynnommen mei de aktiviteiten dy't de lettereorganisaasjes, de skoalle-organisaasjes en Omrop Fryslân yn it platfoarm lêsbefoarding "Taalryk Fryslân" út de wei sette, mei rynske stipe fan de lanlike "Stichting Lezen".

Wy hawwe yn ús belied altiten in breed aanbod foar de lêzer sintraal steld en dus by de boekeregeling gjin ûnderskied makke nei sjenres. Resinte sifers fan de FA jouwe oan dat de Frysklêzer út alle fermiddens komt, men mei dus oannimme dat der in brede fraach bestiet. Wy sille wat it útjaan fan boeken oangiet ynsette op de literêre produksje, sadat oan de fraach nei goede literatuer fan de literêre lêzer mear foldien wurde kin.

Ut ûndersyk fan it Sosjaal Kultureel Planburo docht bliken dat de helte fan wat lêzen wurdt "fekânsjeliteratuer" yn de foarm fan strips, detektives, avontoereromans en echte triviale literatuer is. Ditsoarte fan aanbod is oant no ta yn it Frysk net rynsk op 'e merk, ommers ditsoarte fan lektuer falt net ûnder de boekesubsydzjeregeling. Men soe sizze kinne dat it totaal aanbod oan Fryske lektuer dus dochs net breed genôch liket te wêzen. Yn in grutter taalgebiet as uzes kin "lêsfoer" sûnder oerheidsstipe út. Te uzes soe dat wolris net it gefal wêze kinne.

Yn de kommende perioade soene wy dêrom ris besjen wolle oft it op 'e merk bringen fan fekânsjeliteratuer fertuten docht om mear Frysklêzers ek foar it "bettere" aanbod te winnen. De doelstelling wurdt dan eins mear ien fan taalbefoarderjen as ien fan kultuerpartisipaasje. Wy wolle de boekesubsydzjeregeling net sa fier oprekke dat alle skreaune wurk dêr ûnder falt, mar datoangeande mei de CBD oerlizze oer ynset fan in diel fan harren útjeftejild. Yn syn ynspraakreaksje merkt de CBD op dat aanbod en ôfname fan 'ferdivedaasjeliteratuer' mooglik net (mear) yn lykwicht is. Miskien is ek it lytsere oankeapbudzjet foar alle boeken in oarsaak fan it weromrinnen fan it oanskaffen fan Frysktalige boeken troch bibliteken. DE CBD seit yn syn ynspraakreaksje in merkûndersyk nei aanbod, fraach en oankeap fan sokke boeken yn bibliteken en bibliobussen ta.

5.3. De jongerein sintraal

Wolle wy Fryske boeken hâlde dan sil der war dien wurde moatte foar de partisipaasje fan de jongerein. Oan de iene kant as lêzer. Dêrfoar is al mei help fan de lânlike "Stichting Lezen" in mânsk programma op priemmen setten foar de kommende jierren. De oare kant is it skriuwen troch de jongerein. Wy sjogge graach deselde ûntjouwing fan provinsjaal talint by de letteren as dat it yn de teater- en jeugdorkestewrâld it gefal is. Lykas in jeugdteaterskoalle soe in literatuerskoalle opsetten wurde kinne. Sa'n skoalle (twatalich) soe goed passe yn in projekteplan kultueredukaasje, yn it ramt fan it rykskeunsteplan. Wy wolle hjiroer mei it FLMD fan gedachten wikselje.

Yn de ôfrûne jierren binne op it mêd fan de berne- en jongereinliteratuer twa (nije) groepen úteinset mei it krewearjen foar it berneboek. It giet om de "Fryske Berneboekewike" en "de Berneboekesjuery" as gearwurkingsprojekt tusken de lettere-organisaasjes. Sjoen de goede ûntjouwing dy't it Fryske berneboek trochmakket, mei troch it krewearjen fan dizze beide groepen, binne wy ree om beide groepen struktureel te subsidiearjen.

5.4. De merk fierder de leie

Yn 1989 hawwe wy ús belied sa feroare dat de merk beskiedt wat oan boeken ferskynt. Dat hat in goede maatregel west, al wie it allinne mar dat der hiel wat minder jild sitten

gien is yn advysstruktueren. It tal útjeften is net ynsakke en de kwaliteit fan it boek is net tebekrûn.

Ut it evaluaasjerapport wurdt lykwols dúdlik dat troch it ûntbrekken fan gegevens oer ferkeap in bettere wurking fan it merkmechanisme dizzenich bleaun is. De ferhâlding tusken it tal boeken dat mei en sûnder oerheidsstipe útjûn wurdt is net dúdlik. Neffens it Skriuwersboun rjochtsje de útjouwers har net op de merk, mar op it budzjet fan boekesubsydzjes. Wy wolle dochs besjen oft de merkwurking noch better ta syn rjocht komme kin. Wy tinke dêrby oan in systeem fan jierkontrakten mei útjouwers oer harren hiele Fryske útjefteportefulje, ynklusyf te bestribjen ferkeapsifers. Wy wolle mei de Stichting It Fryske Boek en de útjouwers gear oer in mooglik systeem (in package-deal).

As sa'n systeem der komt moat foar útjouwers mei ynsidintele útjeften noch wol in mooglikheid foar stipe bliuwe. Oer de lytste útjouwers is yn it ramt fan de boekesubsydzjeregeling diskusje. De lytse útjouwers soene krinten út de brij helje en op 'e selde wize stipe knje as de útjouwers dy't ferantwurdlikens nimme foar in breed ferskaat oan Fryske boeken. Wy sjogge neat yn it opkearen fan lytse tûke útjouwers; men kin fan tinken wol hawwe dat krinten yn de brij bekend binne by de oare útjouwers.

By it systeem soe ek besjoen wurde moatte oft it doel hat om ûnderskied te meitsjen yn ôfspraken it sjenre. It Frysk bemeboek makket in tige goede ûntjouwing mei. Soks soe wolris betsjutte kinne dat op 'en doer wurk foar folwoeksenen fanwegen it jild ferkrongen wurdt. Itselde kin sein wurde fan poëzij. By it meitsjen fan ôfspraken mei de útjouwers wolle wy ús advisearje litte troch de provinsjale advyskommisje Fryske literatuer, benammen oer hoe't je de ferskillende doelgroepen fia in sjenreferskaat berikke.

De lêste jierren bliuwe frijwat hânskriften om 'e jildkrapte lizzen. Dy krapte komt foaral meidat it budzjet fan f. 150.000,- sûnt it ynstellen fan de subsydzjeregeling yn 1989 gelyk bleaun is, dus ek net oanpast oan de priis- en leanyndeksearring. Wy sille de mooglikheden fan in budzjetferheging yngeand besjen.

5.5. Effekt fan belied krije

"As oerheid kinne wy ús allinne dwaande hâlde mei in sa goed mooglik stal jaan oan rânebetingsten"; sa skreaune wy yn de letterenotysje 1989. Sûnt steane wy krekt wat oars yn de wrâld. Wy wolle mei de subsidiearre ynstellings realistyske doelen stelle foar in bettere situaasje oer in jier as fjouwer. Wy stelle net mear allinne rânebetingsten, mar sette yn op effekt. Mei de letterewrâld wolle wy de te berikken doelen oerienkomme en ta produkte-ôfspraken komme. Wy nimme ús foar om it belied op 'en nij te hifkjen, as dêr oanlieding foar is.

As wy ús mear op doelen rjochtsje wolle, dan moatte der mear gegevens boppe wetter komme oer de stân fan saken yn de letterewrâld. Yn it evaluaasje-ûndersyk wurdt dúdlik dat ferkeap- en útliensifers op dat stuit net beskikber wiene. Fierder is op grûn fan de advizen en ûndersiken diskusje oer it profyl fan de Frysklêzer.

Ynkoarten komt de Fryske Akademy mei sifers oer it Frysklêzen op grûn fan de ûndersyksifers "Taal yn Fryslân" (1994). Dy sifers wike ôf fan de sifers dy't oant no ta beskikber binne. Ut it mânske ûndersyksferslach fan Sosjaal Kultureel Planburo nei lêsgewoanten yn Nederlân, wurdt dúdlik dat lêsgedrach eins allinne fia tiidsbestegingsûndersyk goed te ûndersykjen is. Nei oanlieding fan ús opmerking yn de ûntwerp-notysje, ntl. dat wy útsjogge nei in promoasje-ûndersyk oer lêsgedrach troch de Fryske Akademy, yn 'e mande mei "de Stichting Lezen" skiuwt de Akademy yn de ynspraakreaksje dat sy dêroer mei it provinsjaal bestjoer kontakt opnimme sil. De oan te winnen ûndersyksgegevens binne foaral fan belang foar it platfoarm "Taalryk Fryslân". As it profyl fan de Frysklêzer better bekend is kinne de neamde organisaasjes harren aktiviteiten better op de lêzer ôfstimme.

5.6. De wrâld yn

It meidwaan fan Fryske skriuwers by bûtenlanske presintaazjes of bygelyks op Poetry International is gewoan wurden. Oersettings fan it Frysk nei it Nederlânsk en it Dútsk ta wurkje dêr goed oan mei. Yn it ramt fan ús strategysk belied hawwe wy útsprutsen, dat wy komme wolle ta gruttere kulturele útstrieling fan Fryslân. Yn dat ramt sjogge wy foar de Fryske literatuer mooglikheden.

Yn it foarste plak is it fan belang dat de Fryske literatuer, mear as earder, har plak krijt yn it fuortset ûnderwiis. Yn it ramt fan de feroarings yn de boppebou fan it fuortset ûnderwiis soe de Fryske literatuer mear omtinken krije moatte en diel wurde moatte fan de bagaazje dy't keunstleafhawwers hawwe wolle. Wy sille it Berie foar it Frysk datoangeande om advys freegje.

Steatssiktaris Nuis wol benammen stipe jaan oan oersettings yn talen fan ús buorlannen. Ek yn dat ramt kin de Fryske literatuer omtinken krije. Spesjaal omtinken freget de beme- en jongereinliteratuer, wol of net yn de foarm fan ko-produksjes. Fierder kin fia it Nederlands Produktie en Vertalingenfonds mear omtinken jûn wurde oan oersettings út it Frysk wei nei it Nederlânsk en oare talen. Wy sjogge út nei in masterplan fan de oanbelangjende organisaasjes oangeande oersettings. It FLMD biedt oan dêr in sintrale rol te spyljen. Sa'n masterplan is dan typysk eat om lanlik jild foar te krijen. Wy sille ús dêr mei de organisaasjes foar ynsette.

5.7. Mei budzjet literêre aktiviteiten mear fariaasje

Yn 't foar moat sein wurde dat mei yngong fan 1997 de provinsje net mear wurket mei fûnsen, mar mei jierbudzjetten. It ûnderskied is dat reserves net mear mooglik binne. Ut it evaluaasjerapport en de besteging fan it budzjet literêre aktiviteiten (taheakke V) wurde twa saken dúdlik. Oan de iene kant witte minsken yn it literêre fjild net wat de mooglikheden fan it budzjet binne. Oan de oare kant wurde tal subsydzjes jûn oan organisaasjes dy't al in struktureel subsydzje krije. It budzjet foar literêre aktiviteiten soe eins omearre wêze moatte foar dy aktiviteiten dy't net alle jierren al op de kalinder steane, mar dy't elts jier nij opkomme en sa it literêre klimaat ekstra libben hâlde. Oars kin it budzjet better direkt ferdiel wurde oer de organisaasjes foar spontane aktiviteiten.

Wy stelle út om ynstellings, dy't al struktureel stipe wurde út te sluten fan ynsidintele subsydzjes út it budzjet, útsein as hja in hiel nije aktiviteit op priemmen sette. Slacht sa'n nije aktiviteit oan dan moat nei fjouwer jier besjoen wurde oft dy ta de strukturele produkten fan in organisaasje rekkene wurde kin. Oarsom kin it wêze dat strukturele produkten net mear oanslane en net mear ôfnommen wurde moatte. Om 'e fjouwer jier wolle wy soks neier besjen.

Op dit stuit binne der twa produkten yn de letteren dy't eins struktureel makke wurde moatte: dat binne de "Bemeboekesjuery" en de "Fryske berneboekewike", beide by It Fryske Boek. De beide produkten wolle mei earmerke jild struktureel subsidiearje. Operaasje Fers hat de fuotten net mear ûnder it gat hat en ferfalt as struktureel produkt.

Ut it evaluaasjerapport docht bliken dat de mooglikheden fan it fûns net goed bekind binne. Wy sille tenei mear parseberjochten ferskine litte, in goede struibrief meitsje litte en yn advertinsjes de mooglikheden oanjaan.

5.8. Fryske literatuer en nije media

Yn it ramt fan it budzjet taal en kultuer hawwe wy yn 1997 in budzjet fan f 75.000 frijmakke foar film- en mediaproduksjes. Mei dat budzjet kin stipe jûn wurde oan it ferfilmjen fan Fryske boeken mar oan de oare kant kinne skriuwers ek ynsetten wurde by it skriuwen fan programma's foar bygelyks Omrop Fryslân. Fryske literatuer op CD is ien fan de beste-gingsmooglikheden by it budzjet Fryske literatuer. Wy sjogge út nei in bredere ynset fan nije media yn de Fryske letteren, bygelyks nei mear omtinken oan de Fryske literatuer op de regionale tillevisje.

Troch de ynset fan it budzjet literatuer te beheinen ta nije saken en saken fan oaren as de struktureel al stipe ynstellings, komt mear romte foar nije media.

5.9. Troch gearwurking mear mooglik

In grut tal ynstellings jout ús letterebelied stal. It giet om mear spesifike Fryske organisaasjes (IFB/FLMD/Skriuwersboun, STUFT/SSFT, Operaasje Fers) en om mear algemiene organisaasjes (PB/CBD/Keunstwurk/MSU). In oare ferdieling kin makke wurde yn organisaasjes dy't draaie op frijwilligerswurk (STUFT/SSFT/Skriuwersboun), en dy't profesjonele meiwurkers yn tsjinst hawwe (de oaren).

De CBD wol de kommende tiid yn oparbeidzjen mei oare organisaasjes mear omtinken oan boekpromoasjeprojekten foar folwoeksenen jaan.

Wy sille de organisaasjestruktuer de kommende jierren wat de ferdieling yn algemien en spesifyk oanbelanget net feroarje. It liket derop dat yn de algemiene organisaasjes it aspekt Frysk net sa goed syn gerak mear knijt. De ferkeap fan boeken oan bibleteken rint werom. Net dúdlik is oft dat oer it ginneraal sa is of dat it Frysk ekstra werom rint. De Stichting Keunstwurk hat gjin trochgeande stream fan Frysk literêre foarmingsprojekten en de PB bewarret it Fryske boek, mar is net echt sichtber yn de letterewrâld. Wy sille der by de algemiene organisaasjes PB/CBD/Keunstwurk op oanstean om mear noed foar it Frysk te stean.

Frijwilligersorganisaasjes soargje foar in breed draachflak en binne och sa wichtich. Yn it ramt fan de amateurkeunst hawwe wy de ûnderfining dat it draachflak foar in frijwilligersorganisaasje net wei hoecht te wurden as it subsydzje foar sa'n organisaasje ûnderbrocht wurdt by in profesjonele organisaasje. Wy hawwe der by de amateurkeunst foar keazen om mear ôfstimming fan produkten te knijen tusken profesjonele organisaasjes en frijwilligersorganisaasjes. De produktebegruttings wurde yn gearhing oan ús as provinsje oanbean. Bykommend foardiel is it ferminderjen fan kosten.

Wy stelle út om ek foar de letteren mei sa'n wurkwize te kommen. STUFT en SSFT wurkje fanút Fryslân hûs/Keunstwurk en kinne datoangeande goed ûnderbrocht wurde by Keunstwurk. De befoarderer literatuer fan it FLMD soe it Skriuwersboun hantlangje kinne. De provinsjale Advyskommisje Fryske Literatuer hat ús advisearre en kom ta in (populêr) tiidskrift oer de Fryske literatuer. Ut paragraaf 3.6. docht lykwols bliken dat der al in hiel soad periodiken binne op dat mêd. It liket derop dat gruttere gearwurking by de stúdzje en dokumintaasje fan it Fryske boek fertuten dwaan kin. Faaks soe in platfoarm "Stúdzje Fryske Literatuer" op priemmen setten wurde kinne. In nij tiidskrift soe dan in gearwurkingsprojekt wêze moatte dat de eigen periodiken fan de organisaasjes ferfangt.

5.10. Prizen substanzjeler

Op dit stuit hat de provinsje fjouwer prizen. Betûfte sjueryleden riede de provinsje. It giet dêrby om al ferskynde wurken. De provinsje hat har oant no ta net dwaande hâlden mei priisfragen, útsein mei it subsidiearjen fan priisfragen fan treden lykas fan de Ried Fryske Beweging of it Frysk Museum. Sjoen it tal fan ynstjoerings foar de Rely Jorritsmapriis en de Frysk Museumprpriis (50 ynstjoerings) sjogge Fryske skriuwers dochs wol wat yn de kompetysje fan in priisfraach.

In útsûndering is de provinsjale esseewedstriid 1997 "kwalitative aspekten fan de Fryske literatuer", dy't by gelegenheid by it ferskinen fan de foarrinner fan dizze notysje, de ûntwerp-notysje Letterebelied, ynsteld is.

De fraach wurdt út en troch steld oft de prizen omheech moatte. Is, sa't Tineke Steenmeijer sei: "de provinsjale tsjinstauto foar de doar, in moaie fiering en dan wer oan it wurk", in typysk Frysk (en goed) gebrûk? Neffens ús moat it promosjonele effekt fan de Fryske prizen mear brûkt wurde. Der soe faaks wat fan in nominaasjestriid komme moatte lykas by de AKO - of de Libris literatuerpriis? Wy sille besjen oft wy hjirfoar by it bedriuwslibben de hannen op mekoar knije. Fan in aparte publykspriis is net it measte ferlet. Dy wurdt fia de sutelaksje alle jierren eins al takend.

De bedraggen fan de besteande provinsjale prizen binne al jierren like heech. Yn ferlyk mei de Rely Jorritsmapriis smite de prizen eisn net it measte jild op, it giet folle mear om de eare. Der is neffens ús oanlieding om benammen de grutste literatuerpriis -de Gysbert Japicxpriis- mear oansjen te jaan. De oare prizen soene in fikse ynflaasje-oanpassing knije moatte. Yn 1997 wurdt foar de 50'ste kear in priis útrikt. In goede gelegenheid om no de saak te besjen.

De ôfrûne jierren hat de provinsje geregeldwei de Simke Kloostermanpriis ynsidintueel subsidiearre. Wy steane dan ek achter de oantrún fan in stikmannich ynsprekkers om dat struktureel te dwaan, d.w.s. om 'e trije jier.

Yn har advys op de ûntwerp-notysje pleitet de provinsjale advyskommisje Fryske literatuer foar nije foarmen fan priisútrikkings fan de provinsjale prizen. It giet de kommisje om mear útstrieling. Wy nimme dat advys oer en sille in berop op de kommisje dwaan.

- | | | |
|----|--|----------|
| a. | Gysbert Japicxpriis
oeuvrepriis/priis foar it bêst ferskynde boek | f 10.000 |
| b. | Mei bedriuwslibben in literêre priis ynstelle
mei nominaasjes foarôf foar in literêr wurk fan
de lêste trije jier (bedrach p.m.) | |
| c. | Oanhâlde fan de Fedde Schurerpriis en de
Obe Postmapriis, mei dêrby in priisfraach
(beide ferhege nei 2.000); | f 4.000 |
| d. | Oanhâlde fan de Joast Halbertsmapriis mei
dêrby in Olympiade (wittenskiplike skripsjewedstriid)
foar de jongerein | f 4.000 |
| - | Simke Kloostermanpriis (Simke Kloostermanlien) | f 1.000 |

6. FINANSJES

Om't de jierbudzjetten foar literatuer de lêste jierren net ûnder grutte druk stien hawwe, kiezen wy foar it oanhâlden fan de besteande budzjetten. De swiertepunten dy't oanjûn wurde kinne foar in part út oare budzjetten betelle wurde, lykas út lanlike fûnsen of reserves fan ynstellings.

organisaasje/budzjet	âld (o/m 1998)	nij (m.y.f. 1999)
FLMD	522.680	519.480
-Skriuwersboun	5.680	5.680
IFB	308.350	308.350
- Sprutsen Frysk Boek	30.000	30.000
- Bemeboekesjuery		8.200
- Fryske berneboekewike		3.000
CBD	169.250	169.250
- reserve útjeftefûns		p.m.
Provinsjale Bibleteek (oandiel literatuer)	p.m.	p.m.
Keunstwurk oandiel literêre foarming	75.000	75.000
- STUFT	29.000	29.000
- SSFT	6.420	6.420
Hjir	6.570	6.570
Trotwaer	8.810	8.810
Ferstival	6.090	6.090
Budzjet Fryske Boeken	150.000	* 150.000
Budzjet Literêre Aktiviteiten	50.000	45.000
Budzjet Begelieding Skriuwers (IFB)	16.100	** 13.120
Budzjet mediaproduksjes	p.m.	p.m.
Budzjet kultueredukaasje	p.m.	p.m.
Prizen <small>ynkl. Simke Kloostermanpriis f 1.000,-</small>	10.000	18.000
Operaasje Fers	8.020	
Totaal Utjeften	1.401.970	1.401.970
Ynkomsten út Rykspost Fryske Taal en Kultuer	314.500	314.500
Provinsjale útjeften	1.087.470	1.087.470

* Yn P-nota 1999 ferheging mei f 60.000,- besjen.

** Yn P-nota 1999 ferheging mei f 2.980,- besjen.

7. SAMENVATTING

- Naar een nieuw letterenbeleid

In 1989 werd het provinciaal letterenbeleid voor het laatst geformuleerd. Een belangrijke omslag om meer aan de markt over te laten werd gemaakt. In plaats van het geven van opdrachten voor het schrijven van boeken en het op kwaliteit beoordelen van boeken werd aan de uitgevers overgelaten welk aanbod aan Friese boeken verscheen. Om de kwaliteit van het Friese boek te verhogen werd als nieuw beleid begeleiding aan schrijvers aangeboden.

In 1994 werd het letterenbeleid geëvalueerd. Eerder verschenen onderzoek en adviezen werden in de evaluatie meegenomen. Het evaluatierapport is goed leesbaar en geeft veel informatie, zij het dat feiten, meningen etc enigszins door elkaar staan. Van de zijde van de schrijvers bestaat fundamentele kritiek op het rapport, het Skriuwersboun schreef daarom een reactie. Die reactie is meegenomen in deze notitie.

Sinds het verschijnen van het evaluatierapport zijn er wederom nieuwe onderzoekgegevens gekomen. Zo verscheen het onderzoeksrapport van het SCP naar leesgewoonten in Nederland en onderzocht de Fryske Akademy het lezen van het Friese boek.

Ook deze onderzoeken zijn als bron gebruikt om tot nieuw beleid te komen.

De gang van zaken van het evaluatierapport tot deze notitie letterenbeleid is beschreven in hoofdstuk 2.

- Basisgegevens Friese literatuur

Op grond van het feit dat in het evaluatierapport feiten, meningen etc. moeilijk te scheiden zijn en er na 1994 nieuwe gegevens zijn gekomen zijn in hoofdstuk 3 "basisgegevens" opgenomen over de stand van zaken op het terrein van de Friese letteren. Die basisgegevens zijn met name ook van belang omdat de provincie sinds enkele jaren met produktovereenkomsten met de instellingen werkt en op effect inzet. Basisgegevens zijn dan zeer noodzakelijk om over een aantal jaren na te kunnen gaan of gewenste doelen bereikt zijn.

- Handhaving basisbeleid

Op grond van de algemene indruk van het evaluatierapport dat het beleid zoals dat gevoerd is in redelijke mate aan haar doel voldaan heeft is daarnaast gekozen voor het handhaven van het basisbeleid in de Friese letteren. Dat beleid wordt beschreven in hoofdstuk 4.

Het basisbeleid van de provincie bestaat samenvattend uit:

- a. het steunen van letterenorganisaties in de volgende kerntaken:

van schrijver naar boek	FLMD
het boek van uitgever naar koper/lener	IFB
het uitgeven van toneelteksten	STUFT
begeleiden van toneelschrijvers	SSFT
literaire educatie	Keunstwurk
het boek van bibliotheek naar lener/lezer	CBD
dokumentatie en studie	FLMD
bewaren en uitlenen	PB
wetenschappelijk onderzoek Friese literatuur	FA
- b. het steunen van de boekenmarkt met een jaarbudzjet van f 150.000;
- c. het steunen van twee literaire tijdschriften;
- d. het steunen van een levendig en bloeiend literair klimaat door de inzet van f 50.000 voor activiteiten;
- e. het zorgdragen voor een goed aandeel van de Friese letteren in het rijksbeleid.

- Zwaartepuntenbeleid

Mee op grond van het evaluatierapport wordt inhoudelijk gekozen voor zwaartepunten voor de komende jaren, om zo de Friese letteren zich verder te laten ontwikkelen. Dat zwaartepuntenbeleid wordt beschreven in hoofdstuk 5.

Als inhoudelijke zwaartepunten zijn gekozen:

- "de literaire schrijver" om daarmee de kwaliteit van de Friese letteren te verhogen;
- "de lezer" door enerzijds meer aandacht voor het literaire boek en anderzijds meer aandacht voor "vakantieliteratuur" om het lezen van Friese boeken te vergroten;
- "de jongeren" om daarmee de toekomst van de Friese letteren veilig te stellen.

Om het te voeren beleid beter tot haar recht te laten komen en om het werk van de betrokken organisaties beter te kunnen onderbouwen wordt verder als zwaartepuntenbeleid voorgesteld:

- de marktwerking verder te stimuleren door te onderzoeken of gewerkt kan worden met jaarcontracten met uitgevers waarbij verkoopcijfers beschikbaar dienen te zijn;
- uitleencijfers systematisch bij te laten houden;
- via tijdbestedingsonderzoek het leesgedrag van Frieslezers goed in kaart te brengen;
- vrijwilligersorganisaties subsidietechnisch onder te brengen bij professionele organisaties;
- beperking van de inzet van incidentele budgetten tot initiatieven van organisaties die niet structureel gesubsidieerd worden, tenzij er een geheel nieuwe activiteit opgezet wordt, waarbij eens per vier jaar, bekeken wordt welke structurele producten van instellingen dienen te vervallen en welke incidenteel gesteunde, nieuwe initiatieven, structureel dienen te worden.

Aansluitend bij nieuwe maatschappelijke ontwikkelingen worden als zwaartepunten tenslotte aangewezen:

- de integratie van de Friese letteren in de media;
- het versterken van het cultureel profiel van Fryslân door aandacht voor vertalingen;
- een substantiëler prijzenstelsel.

- **Financiën**

In hoofdstuk 6 wordt een financieel overzicht gegeven. In financiële zin leidt het nieuwe beleid voor 1998 nog niet tot de inzet van meer middelen, doch tot verschuiving van middelen. Nader bekeken wordt of een structurele verhoging met f. 63.000,- vanaf 1999 mogelijk is.

- **Bijlagen**

Een en ander wordt gecombineerd met een viertal bijlagen, zijnde bronnen (I), aanbevelingen van het evaluatierapport samengevat en van commentaar voorzien (II), aanbevelingen van it Skriuwersboun samengevat en van commentaar voorzien (III), een overzicht van fondsuitgaven 1990-1995 (IV) en een afkortingenlijst (V).

Gedeputeerde Staten van Fryslân
januari 1998

Taheakken
by notysje Letterebelied

Taheakke I

Boarnen

- "Symposium Fryske Literatuer"
Stichting It Fryske Boek/Sintrale Bibleteektsjinst
Ljouwert, april 1987
- "Notysje Letterebelied"
Provinsje Fryslân, Ljouwert, juny 1989
- "Fryske Literatuer"
In ûndersyk nei mooglikheden foar it befoarderjen fan it lêzen fan it Frysktalige boek
Dielûndersyk I: Frysk lêze, feardichheid, frekwinsje en foarkar
Jeh. Ytsma, Fryske Akademy
Dielûndersyk II: Lêzersûndersyk Fryske Literatuer
K. Gildemacher e.o. CHN
Provinsje Fryslân, Ljouwert maaie 1992
- "Advys fan de Provinsjale Advyskommisje Fryske Literatuer en fan it Berie foar it Frysk nei oanlieding fan it rapport Fryske Literatuer"
Berie foar it Frysk/Provinsjale Advyskommisje Fryske Literatuer
Ljouwert, febrewaris 1993
- "Evaluatie Letterenbeleid Provincie Friesland"
Rudi de Vries y.g.m. Jetske Bilker, Onderzoeksgroep Kunst, Beleid en Management
Rijksuniversiteit Groningen
Provincie Friesland, Leeuwarden, december 1994
- "Leesgewoonten"
"Een halve eeuw onderzoek naar het lezen en zijn belagers"
Wim Knulst en Gerben Kraaykamp, SCS-23
Sociaal en Cultureel Planbureau, Rijswijk, april 1996
- "Taal yn Fryslân"
Undersyk nei taalgedrach en taalhâlding yn Fryslân
D. Gorter e.o.
Fryske Akademy, Ljouwert 1984
- "Taal yn Fryslân op 'e nij besjoen"
Durk Gorter, Reitze J. Jonkman
SWP-rige nr. 12, Fryske Akademy, Ljouwert, 1995
(dêrby sifers oer fragen oer lêsgedrach Taal yn Fryslân 1994 (noch net publisearre, op fersyk opstjoerd troch R. Jonkman, Fryske Akademy, juny 1996)
- Dossiers Provinsje
"Produkte-begruttings en Jierferslaggen provinsjale ynstelling literatuer 1994-1996"
"Fûnsútjeften Fryske Literatuer"
"Provinsjale Prizen:(oersjoggen FLMD fan debuten, oersettings en ferskynd wurk)"
"Letterenotysje 1989": ynspraak en politike besluitfoarming.
(yn provinsjaal argyf)
- "Reaksje op de Evaluatie Letterebelied"
Skriuwersboun, Ljouwert, desimber 1995
- "Literaire prijzen en prijsvragen in Friesland"
Lezing uitgesproken voor het Literêr Wurkferbân fan de
Fryske Akademy
Tineke Steenmeijer, FLMD, Ljouwert, 1996

- "Beliedsplan Platfoarm Lêsbefoarding Taalryk Fryslân"
"Kalendarium schooljaar/winterseizoen 1996-1997"
Platfoarm Lêsbefoarding Taalryk Fryslân
p/a CBD, Ljouwert, oktober 1996
- "In Breder Verband"
de Noordelijke inzet voor kunst en cultuur 1997-2000
Samenwerkingsverband Noord-Nederland, Assen, juni 1996
- "Pantser of Ruggengraat"
Rijkskunstennota 1997-2000
Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap, Zoetermeer
september 1996
- "Frysk Skriuwersalmenak 1994"
Red: Joop Boomsma, Durk Hibma en Tineke Steenmeijer
It Skriuwersboun, Stichting It Fryske Boek
Grou, 1994
- "Friese Boeken Nader Bekeken"
Onderzoek naar de kanalen waardoor Friese boeken worden geleverd en naar de plaats die Friese boeken bij de boekhandel innemen
Anna Rekker, IFB, Leeuwarden, 1996
- "Feroarje om te behâlden"
Sturingsbrief 1998, Een ontwikkelingsvisie op Fryslân rond de eeuwwisseling
Provinsje Fryslân, Ljouwert, augustus 1996

Taheakke II

Reaksje op de oanbefellings fan it "Evaluatierapport Letterenbeleid Provincie Friesland"

- a. oanbefelling b. reaksje DS.
- 1a. Kin it Stipepunt of de Taalwinkel oanfoljende tsjinsten ferline by it útjefteree meitsjen fan manuskripten.
- 1b. Yn de letterenotysje wurdt foarsjoen yn in skoutingsfunksje fan FLMD/útjouwers.
- 2a. In ynkombesteboarne foar Fryske auteurs is weifallen. De provinsje soe mear ynformaasje biede moatte oer ynkombestemooglikheden.
- 2b. Yn de letterenotysje is opnommen in ûndersyk nei de mooglikheden fan de lanlike fûnsen foar de skriuwers, mei dêrnei neier belied fan de provinsje.
- 3a. Foar boeken mei hege kwaliteit moat de provinsje trochgean mei it jaan fan subysdzjes oan literêre prizen en wedstriden. Foar learlingen soe in gedichtewedstryd by Festival opnommen wurde kinne.
- 3b. Yn de letterenotysje is in nij prizestelsel opnommen. Yn it ramt fan kultueredukaasje fan Stichting Keunstwurk soe in gedichtewedstriid opsetten wurde kinne.
- 4a. By it Fûns Fryske Utjeften soe neitocht wurde moatte oer in evenredige ferdieling fan jild oer de útjouwers.
It krêntarium fernijend soe skrast wurde moatte.
In klausule oer it net te gau ferramsje soe yn de betingsten opnommen wurde moatte.
De hichte fan de oplage soe besjoen wurde moatte.
Ferkeapsifers soene bekind wêze moatte.
- 4b. Yn de letterenotysje is opnommen om ta produktôfspraken te kommen mei útjouwers. De oanbefellings kinne hjiryn meinommen wurde.
- 5a. Oan de CBD soe frege wurde moatte om in merkûndersyk nei it oanbod en de fraach nei Fryske boeken yn de bibleteken en bibliobussen.
De provinsje soe stipe jaan moatte oan ynstânhâlden fan bibliobussen yn lytsere plakken, om't dêr de Frysklêzers sitte.
Distribúsje soe fia IFB kinne.
- 5b. Yn de letterenotysje is opnommen dat der ûndersyk nei de Frysklêzer komme moat. De CBD soe mei op basis dêrfan besjen moatte oft it jild foar Fryske boeken yn de bibleteken goed ynset wurdt. De distribúsje is sûnt koart al by IFB regele.
- 6a. It IFB soe mear omtinken jaan kinne oan de literêre skriuwer. Oan de foarmjouwing fan it boek soe wurke wurde moatte.
- 6b. Soks sil oan IFB foarlein wurde.
- 7a. In registraasjesysteem foar Fryske boeken yn bibleteken om sa de ôfset yn kaart de bringen soe in goed ding wêze. De provinsje moat de CBD finansjeel dêrby stypje.
Ek ûndersyk nei de ferkeap fan boeken is winsklik.
- 7b. Oan de CBD sil frege wurde sa'n systeem op te setten. It lêzersûndersyk sil útwreide wurde moatte mei in merkûndersyk.
- 8a. It FLMD is ta oan personielsútwreiding of moat minder taken hawwe.
De F-side soe evaluearre wurde moatte.
De bekindheid fan it Fûns Fryske Literatuer kin fergrutte wurde.
- 8b. Mei it ryk sil besjoen wurde oft der mear subysdzje komme kin foar it FLMD.
De F-side is evaluearre, mar soks falt net ûnder letterebeleid.
Foar it Fûns Fryske literatuer sil in kommunikaasjeopset makke wurde.

Taheakke III

Reaksje op de oanbefellings fan it Skriuwersboun d.d. 16 desimber 1995

a. oanbefelling b. reaksje DS

- 1a. It docht wat healwiis oan dat mar ien skriuwer behelle is yn it ûndersyk. De klam leit wol hiel bot oan de oanbiedende kant. Oersetters binne der hielendal net yn behelle. Troch dizze missers is de wearde fan it rapport beheind.
- 1b. Wy hawwe mear boarnen brûkt as it evaluaasjerapport. Dizze notysje jouwe wy rom yn diskusje, dat de wearde fan dizze notysje sa grut mooglik wêze kin.
- 2a. It literatuerbelied sit op dea spoar. De doelstelling fan de notysje 1989 wie it stimulearjen fan de produksje. Mar in protte skriuwers komme net iens ta oan it oanfreegjen fan in oanfoljend honorarium, de oplaach is te leech of de standertfergoeding foar oersetters wurdt net betelle.
- 2b. Wy wolle dit neier yn kaart bringe litte.
- 3a. It merkmeganisme wurket net better, útjouwers stimme harren útjeften ôf op de provinsjale subsydzjepot en net op 'e merk.
- 3b. Dat is in stelling dy't net bewiisd wurde kin. Lykwols wolle wy in nij systeem dêr't wy ôfsetsifers mear yn it systeem behelje.
- 4a. De provinsje kin har better rjochtsje op terreinen dêr't men wol ynfloed hat: op de skriuw-kant. Soargje dat de skriuwer foar in oanfoljend honorarium fan it Fonds voor de Letteren yn 'e beneaming komt. Ek lytse útjouwerijen moatte kânsen hawwe.
- 4b. Wy wolle ûndersyk nei de mooglikheden by lanlike fûnsen dwaan.
- 5a. In evenrediger ferdieling fan jild oer skriuwers en ynstellings soe de baas wêze. As jo allinne ynstellingsminskjen freegje is it wol te begripen dat frege wurdt om noch in amtner by it FLMD. Oars sitte wy aanst mei in prachtich literêr klimaat sûnder in skriuwer dy't dêryn skriuwe wol of kin.
- 5b. Dat lêste kin net ús stribjen wêze. Wy wolle mear ynsette op de literêre skriuwer. Foarearst kin dat sûnder de fûnsen dy't dêr no al foar binne te ferheegjen. Troch tenei de struktureel stipe ynstellings út te sluten fan litêrere ynsidintele subsydzjes wurdt mear romte skepen foar skriuwprojekten. Dy moatte dan lykwols wol ûntwikkele wurde troch it fjild.

Taheakke IV

Fûnsútjeften 1990-1995

1. Projekten

SKVF	It ferhaal	23.000
SKVF	Taalcreatief project	5.000
SKVF	Dichter bij Dichter	1.100
Monumint fan de Moanne	Gysbert Japicxproject	1.500
Doarsphûs lens	Frysk Fersepaad	1.000
De Harmonie	Woelige Waterweek	2.500
Skriuwersboun	50 jier Tutte mei de linten	3.000
Ried Fryske beweging	Literatuerwedstriid Jongerein	850
Ried Fryske Beweging	AFUK Jongereinpriis	750
Hjir	Literêr muzykprojekt	2.400
AFUK	Lêsprojekt Myn leafste Bist	4.100
Skriuwersboun	25 jierrich jubileum	10.000
Fries Museum	Priisfraach	5.000
Keunstwurk	Projekt Pake en Beppe	5.750

2. Boeken

Friese Pers	Bisteboel	5.500
Tryater	Jubileumboek	4.000
Friese Pers	Bernebibel	6.000
Friese Pers	Tutte jubileumútjefte	1.500
KU	Werprintings	15.000
KU	Tinkboek	10.828
Frysk en Frij	Under milkwood	10.200
Frysk en Frij	Jubileumútjefte	6.500
Skriuwersboun	Skriuwersalmanak	4.000
Rely Jorritsma	Jubileumboek	3.000
Joke Keizer	Bondel reisferhalen	3.500
AFUK	Bear Boeloe	5.000
Bornmeer	Boek	1.500
Oare útjouwerij	Boek Wybenga	4.000
Krea-su	Wurdboek Krea-su	2.500

3. Stúdzjedagen

Wurkgroep berneliteratuer	Foar basisûnderwiis	1.500
St. Berneliteratuer	Bernepoëzij	2.925
Scripta Manent/IFB	Kongres Minderheidstalen	3.500
KU	Symposium oersetten	1.125

4. Promoasje

IFB	Kulturele jûnen boekewike	1.250
IFB	Kult. jûnen sutelaksje	4.000
IFB	Kult. jûnen sutelaksje	2.375
IFB	Kult. jûnen sutelaksje	2.750
Frysk en Frij	literêre taheakken	5.000
Gysbert Japicxhûs	Oanrin taalwinkel	20.000
Frankfurter Buchmesse	Boek	20.000
FLMD	Berneboekesjuery	8.000
FLMD	Berneboekesjuery 92	5.300
FLMD	Berneboekesjuery 93	5.300
FLMD	Berneboekesjuery 95	2.000
IFB	Presintaasje klassikers	5.000

5. Literêre jûnen

St. Lettergreep	Literêre jûn	150
SLAL	Nacht van het verdriet	2.500

SLAL	Poetry on de road	3.000
Fries Straatfestival	Poëzienacht	2.500
Fries Straatfestival	Poëzienacht	3.000
RUG	Lêzingsyklus	760
6. Produksjes		
Selskip fier fan hûs	Jubileum	1.250
Verhoeff	De Fjoertoer	15.000
Omrop Fryslân	Registraasje Mata Hari	21.500
Skriuwer	Reisbeurs	840
Penninga c.a.	Film Doarp	4.000
Om Gysbert hinne	Sjongspul	8.500
SSFT	Minitoaniel "Praktikabel"	2.000
Liet 92	Sjongfestival	5.000
Liet 93	Sjongfestival	3.000
Liet 94	Sjongfestival	2.000
Liet 95	Sjongfestival	5.000
Comité Bonifatius Sjongspul	Teksten sjongspul	2.500
7. Utwikseling		
Kommisje	Fryslân/Baskelân	1.000
NHI	Literêre wike yn Bremen	2.500
IFB	Dielname IBBY-kongres	2.000
8. CD's		
St. Friesland Pop	Fryske Literatuer CD	3.750
St. Hispel	CD-projekt Sybe Krol	2.000
Liet	CD-opname	3.000
IROLT	CD's	2.000
Frysk en Frj	CD-Hettinga	6.500
9. Utstallings		
Van der Kooi	Calligrafy-útstalling	2.500
FLMD	Reisútstalling Fryske taal	10.000
10. Oersettings		
Frysk Festival	Walt Whitman	2.500
FLMD	Oersetprojekt Spiegel Poëzij	7.000
La Plume	Lytse Prins	2.600
11. Kursuswurk		
St. Hispel	Skriuwerskursus	5.000
FLMD	Skriuwersworkshops	2.290
SSFT	Workshop Bernetoaniel	5.000
SSFT	Workshop skriuwe en spylje	5.750
12. Fierder		
Pyst	Jongereintidskrift	14.350
Pyst	idem	15.000

Taheakke V

Ofkoartings

AFUK	Algemeine Fryske Underrjocht Kommisje
CBD	Centrale Bibliotheekdienst Friesland
FA	Fryske Academy
FP	Friese Pers
FLMD	Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesjesintrim
FvL	Fonds voor de Letteren
GCO	Gemeenschappelijk Centrum voor Onderwijsbegeleiding
IFB	Stichting It Fryske Boek
KFFB	Kristlike Fryske Folksbibleteek
KU (Q)	Koperative Utjouwerij
Keunstwurk	Stichting Keunstwurk
MSU	Mienskiplik Sintrum foar Underwiisbegelieding
NPVF	Nederlands Productie en Vertalingenfonds
SCP	Sociaal Cultureel Planbureau
SLAL	Stichting Literaire Aktiviteiten Leeuwarden
SKVF	Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland (no opnommen yn Keunstwurk)
SSFT	Stifting Stimulearring Fryske Toanielskriuwerij
STUFT	Stifting Utjouwerij Frysk Toaniel
PAFL	Provinsjale Advyskommisje Fryske Literatuer
PB	Provinsjale Bibleteek fan Fryslân
RUG	Rijksuniversiteit Groningen